


Steinfort: 4 oername kandidaten



26 april, 2012 - 10:17

Foar it fallite glêsbedriuw Steinfort yn Frjentsjer binne fjouwer oername kandidaten. In trochstart moat gau, om't klanten oars nei in oare leveransier gean. De konkurrinsje yn de flakglêsproduksje is grut. Dat jildt minder foar de 'special products' fan Steinfort. Sa binne se bygelyks spesjalist yn it printsjes fan motiven yn glês.

Wa't wat krekt oernimme wol, koe kurator Rotshuizen freed noch net sizze. Hy hat gjin misstannen of mismanagement oantroffen by Steinfort. Steinfort hat in skuld fan likernôch 3,5 miljoen.

De ekonomyske krisis, benammen yn de bou, is de oarsaak fan it fallisemint. It wurk by Steinfort leit ûnderwilens wol stil. De kurator hopet der binnen twa wiken út te kommen.